

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 45 nûmer 1

oktober 2014



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Bauke Dijkstra
Metsje Huitema
Sjoerd van Beem
Willem Wijnia

Adres:

Pieter Coopmanstraat 29, 8701 BN Bolsward
Griene Leane 17, 8734 GP Easterein
Tywert 4, 8731 CL Wommels
M.O.H.strjitte 10, 8731 AG Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels

tillefoan:

06-44057088
0515-333295
06-48713325
0515-331444

Internetredaksje:

Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:

Douwe Dirk Reitsma Smidslân 11, 8734 HJ Easterein
Gida Heerma Pipegaal 11 8731 DB Wommels
Baukje de Jong v.Eysingaleane 22, 8734 GD Easterein
Robert Schilkamp Hofkamp 33, 8731 BT Wommels
Tina Wiegers P. ten Bokumstrjitte 15, 8736 JG Reahus
Bauke de Boer A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
Durk Okkema Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein
Oetze Paauw Skippersbuorren 11 8734 GT Easterein

tillefoan:

0515-332500
0515-332227
0515-852400
0515-331816
0515-331365
0515-332555
0515-333005
0515-332094

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Ledenadministraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Skoalleseize

Jongereinkommisje:

Robert Schildkamp Hofkamp 33, Wommels
Bote Strikwerda Wyniastrjitte 10, Spannum
Thecla Klynsmas Geins 32, Wommels
Hans v.d. Schaar Hofkamp 6, Wommels

tillefoan:

0515-331816
0517-342169
0515-333037
0626785381

funksje:

Foarsitter
Algemiens lid
Algemiens lid
Algemiens lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema
Koördinator SDS 1, 2 en 3: Fakant
Koördinator SDS 4, 5 en 6: Ids Boersma
Koördinator sealfuotbal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Neeltje de Boer en Jildou Jorritsma

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Durk Okkema 0515-333005
Jan-Rinse Blanksma 06-53803817
Boudewijn Kramer 0515-852400
Akke Rixt Zysling
Ferry Korbach en Theo Postma
Folkert-Rients Velliga
Tsjipke Okkema 06-18296720

Foarsitter
Skriuwer
Coördinator A- en B-junioren
Coördinator C-junioren
Coördinator D-pupillen
Coördinator E-pupillen
Coördinator F-pupillen

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl	=> Douwe-Dirk Reitsma
Ponghalder@vv-sds.nl	=> Baukje de Jong
PRcommissie@vv-sds.nl	=> Bauke de Boer
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl	=> Robert Schildkamp
Ledenadministrasje@vv-sds.nl	=> Tina Wiegers
Sekretaris@vv-sds.nl	=> Gida Heerma
TC-foarsitter@vv-sds.nl	=> Durk Okkema
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl	=> Robert Schildkamp
Accomodatje@vv-sds.nl	=> Oetze Paauw

Sponsor- c.q. PR-kommissje

Bauke de Boer	Shirtsponsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Hendrik Engbrenghof	Treffer en website
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Pep de Boer	Administrasje
Enne Bruinsma	Algemien lid

Aktiviteitenkommissje: fakant

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, A's en seal: Jappie Wijnia, de Jister 3A, 8731 EB Wommels. tel:0515-332245
Jeugd B, C en D's: Pieter de Boer, Van Eysingaleane 23, 8734 GD Easterein tel: 06- 10018187
Jeugd E, F en wedstrydplanning: Robert Schilkamp, Hofkamp 33, 8731 BT Wommels tel:331816

Skiedsrjochterkoördinators:

Auke Eringa Email a.eringa@hetnet.nl Tel 0515 33 26 49
Friso Albada Email frisoalbada@home.nl Tel 0515 33 22 82

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein

tillefoan:

0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelasje: 34.95.01.033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	<u>Tillefoan:</u>
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Gelf Ykema, Klampe 4, 8734 GS, Wommels	06-12333448
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Reahûs/Turns:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Grits 14, 8732 EJ Kubaard	0515- 332649
Hidaard:	Harm Bergsma, Skoallestrjitte 46, 8734GN Easterein	0515-332476
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje :

Senioren fjildfuotbal:	€ 61,15	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 44,05	it healjier
A- en B-junioren:	€ 48,55	it healjier
C-junioren:	€ 40,85	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 33,30	it healjier
F-pupillen:	€ 28,90	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij. Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong fergees.

Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Jehannes Bruinsma (till. 0515-332013).

Stipers

Mear ynformaasje by Enne Bruinsma (0515-332013)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia "**oan-/ôfmelde**".

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Tina Wiegers (till. 0515-331365).

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as jim heleas ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder enz.)

Hjirfoar binne twa data: foar 15 juny en 1 desimber.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurdde, dit is omdat SDS dan ek ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

5 desimber 2014

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan de redaksje

Hjir foar jim leit de earste Treffer fan it nije seizoen. It fuotbalseizoen is alwer in pear wiken oan de gong en op de webside hawwe jim al wer fan alles lêze kinnen.

Wy sjogge de Treffer noch altiten as in oanfulling hjirop en hoopje dat jim dat ek sa sjogge. Sa hoopje wy dit seizoen û.o. noch petearen te hawwen mei Frans Munsterman, Jaap de Blaauw, SDS'ers om ústens en noch folle mear. Yn dizze Treffer û.o.

oandacht foar it famkesfuotbal, Dooitze Nauta, it spulrigelbewiis, in prachtige Kees' Kollum en de 35plussers op Skylge.

Tinke jim der efkes om dat jim 5 novimber al op de ledengearkomst komme? (WW)



Foar alle SDS-leden	SDS-ledengearkomst op 5 novimber om 19.00 oere	It fuotbalwykein op Skylge!
	Kom allegear!!!	
side 15	side 9	side 26

Ynhâld

Fan it bestjoer.....	5
Hite pipernútsjes.....	6
Noppen & Naaldhakken	9
Persoanlik: Minke Postma	11
SDS League	13
SDS-Look-a-likes(8).....	14
Bestemd voor alle SDS-leden: Dooitze Nauta	15
SDS-klean.....	17
Spelregelpewijs.....	18
In fruitmandsje bringe by Boudewijn Kramer.....	20
Kees'kollum: Warming-up.....	22
SDS-Ledengearkomst.....	24
Skylge.....	25
ING sponsor van vv SDS	27
Programma senioaren SDS.....	28
Âlde Doaze.....	29
Doelpuntenmakers	30
Aginda.....	32

Fan it bestjoer

Beste leden fan SDS,

De earste Treffer dy útkomt yn it nije seizoen is meastentiids ek myn foarwurd.

Dit kear typ ik myn foarwurd foar it lêst. Yn november by de ledengearkomst bin ik ôftredend en net herkiesbaar. Nei 8 jier is it tiid om rômtte te meitsjen foar nij belied en in oar gesicht as foarsitter fan SDS.



Yn 8 jier is der in protte feroare, krekt as de measte leden hie ik ek graach sjoen dat hjir yn Easterein al in nij kunstgearsfjild lizze soe. Spitich genôch lit dat (noch) op sich wachtsje. De politieke beslútform duorret lang en yn in tiid fan krisis is it net altyd like maklik om dit foar elkoar te krijen. Toch hoop ik dat ús grutte winsk der in kear komt. Begjin novimber sil de rie hjir in beslissing oer nimme. It sjocht der goed út mar wy binne der noch net! Ek dernei sil SDS noch it nedige dwean moatte sawol yn it frijwilligerswurk as finansjeel.

Foar ús leit in nij seizoen wer yn wy wer sjen litte kinne wêr SDS foar stiet.

Sterk Door Samenspel.

Sawol binnen as bûten it fjild, bestjoerlik mar ek yn ferskate kommisjes mar foaral ús leden. Want fan ús leden moatte wy it ha. Dat besjut traine, spylje en as derneist noch ris in berop op jim dien wurd foar wat oars dan hoopje ik dat jim dan ek klear stean.

De earste (beker)wedstriiden binne al wer spile as jim dit lêze. De fjilden binne der klear foar want dy lizze der poer bêst by. Mei tank oan de Skoalleseize, want dit kost altyd wer in soad tiid.

By it 1^{ste} stiet in nije trainer foar de groep, Frans Munsterman. It earste sukses fan him (en de groep) is al binnen, yn de beker geane wy troch. Ek de A's, D1, E1, F1 en F2 binne ek troch, super!

By it 2^{de} hat de TC noch net altyd in nije trainer fine kinnen, hoe dit oplost wurdt is noch net bekend.

By de A en B junioren is alles by it âlde bleaun, gjin nije gesichten wat dat oanbelanget, eigen minsken, stean ek dit jier wer foar de groep. En ek by de legere teams moatte wy it mei eigen minsken dwan. Nijskjirrich foar in trainerskursus? Klopje oan soe ik sizze.

In wedstriid fluitsje kin ek. Foar skiedsrjochters hat SDS kennis en kunde genôch yn eigen hûs. Oplieding is no ferplicht fanôf de B junioren oars meie dy straks net mear fuotbalje.

Dan noch in berjocht oer it haadsponsorskip fan SDS 1. Grafische groep van der Eems hat mei SDS it kontrakt verlengt mei 3 jier. Oant juli 2018! Hjir binne wy as bestjoer tige bliid mei en trots op.

Ik soe sizze meitsje der allegear in moai fuotbalseizoen fan. Bedankt foar dizze moaie 8 jieren. It sil foar my straks grif oars fiele om langs de line te stean.

Sukses,

Douwe D. Reitsma
foarsitter

Hite (piper)nûtsjes

It liket dan dochs goed te kommen mei it keunstgersfjild yn Easterein al sil it der net earder lizze as yn july 2016. Kinsto noch wol sa lang wachtsje?

Fansels! It is geweldich moai foar SDS dat it troch liket te gean. It is toch de takomst. Persoanlik balje ik leaver op echt gêrs, mar dit fjild moat der al komme.

Wat do?

Sa stadich oan rinne wy ek nei de 40 en do moast der mar op rekkenje dat ús knibbeltsjes it o sa noflik fine op keunstgêrs. Safolle slidings sille wy dochs wol net mear dwaan.



Dus mei syn allen noch ien kear nei it gemeentehûs op 10 novimber! SDS moat sels dan ek noch sa 'n €30.000 by lapje. Hoe liket it? Hasto noch wat yn in âlde sok? Of hast noch in aardich ideetsje foar in flitsende aksje?

Myn âlde sokken smyt ik meastentiids yn it jiskefet en dan sit der neat mear yn. Flitsende aksjes? Wa wit kinne we ynsette op de keunst yn al syn foarmen, in breed begrip, dat it betinken fan orizjinele aksjes is dan fêst gjin keunst.

Fynsto it ek sa sneu foar Marco van Basten?

Ik fyn it hielendal net sneu. San Marco liket him better te fielen no't de druk fan it haadtrainerskip fuort is en dat is toch wat telt. Us maat Sjoerd Mossou hat lêsten noch in moaie kolumn oer him skreaun en wat hy seit is fansels wier; Marco van Basten is en bliuwt in libjende leginde.

Genietesto ek sa fan SC Cambuur en SC Heerenveen? En PEC en Go Ahead Eagles?

Ja man, machtich moai. Hearlik nei foaren fuotbalje, it ynitiatyf nimme en gaan mei dy banaan. En ek al rinne je dan sa no en dan tsjin (foar it each ûnnedich) puntferlies oan, it bringt us as leafhawwers mear as 'een tikkie breed'.

Wat seisto der eins fan dat de KNVB wol dat alle fuotballers yn de B's harren spulrigelbewiis helje moat?

Dat is wer moai betocht efter ien oft oar stoffich buro yn Zeist. Wat in ûnsin. De KNVB moat ophâlde mei it pamperjen fan syn leden. Krekt as mei dy skearskûm op it fjild, belachlik. Sa lang as der noch skiedsrjochters binne dy 't net witte dat je fanút in doeltraap net bûtenspul stean kinne, dan moat dêr earst mar wat oan dien wurde tocht ik sa.

Moatte wy it ek noch oer de swarte pyten hawwe? Ik haw heard dat se no ek de sinterklazegedichten ôfskaffe wolle. Riemy wol net langer dat de sinterklazegedichten riemy.....

Wat in geneuzel. Foar dy pear minsken dy't harren diskriminearre fiele kin der fêst wol earne in praatgroep oprjochte wurde, mar fal us der net mei lestich. Ik fyn de rol fan de media hjir ek fierste grut yn. Al dy sensaasje kranten en sites gean der mar wat graach wiedweidich op yn en mjitte alles breed út. Gedoch om neat ast it my fregest.

Foarige wike trouens in smûke wedstryd yn de Harkema. It Nederlâns alvetal ûnder de 20 jier fuotballe dêr û.o. tsjin Dútslân. Der wiene mar 200 taskôgers. Of soe dit der mei te krijen hawwe dat der tidens de wedstryd net smooft wurde mocht fan de KNVB en dêrom ek gjin bier skonken waard?

Dat lêste sil fêst in faktor west ha. Ik freegje my wolris mear ôf hoe't it sit mei de belangstelling foar it fuotbal op 'e Harkema. As de Omrop ferslach docht, liket it faaks ek net al te drok.

Is Guus (geluk) Hiddink syn gelok op? Mei Ruslân en Turkije hat er it ek net rêden om him te pleatsen foar in grut toernooi en no liket it mei Oranje ek mis te gean, hoe kin dit?

It liket derop dat dizze seleksje op dit momint gewoan wat tekoart komt en dat Hiddink him dêr wat op fersjoen hat. Al like my it ek neat om by temperatueren fan om it friespunt yn Iislân te fuotbaljen yn in stadion mei in sintelbaan deryn. Ik soe net witte hoefolle maillots je dan wol net oan hawwe moatte om op temperatuer te bliuwen.

“Ik soe net witte hoefolle maillots je dan wol net oan hawwe moatte om op temperatuer te bliuwen”

Silsto woansdei 5 novimber ek nei de ledengearkomst fan SDS? It is wol tige wichtich dat der in soad SDS'ers komme, want mei û.o. de komst fan it keunstgersfjild falt der wol wat te bepraten.

Fansels binne wy fan de party, de ledegearkomste fan SDS stiet elts jier op myn agenda. Alle senioaren, mar ek junioaren soenen, as it heal kin, hjir eins oanwêzich wêze moatte ast it my fregest. Mar goed, dat skynt foar in hiel soad leden oars te lizzen.....

Hasto al sa 'n nije SDS-sjaal?

Nee jong, binne dy der dan? Kinne we dy yn kantine keapje? Ik ferwachtsje net earder as yn jannewaris/febrewaris wat wiete snie, dat dan hak it noch wol even oan tyd. **Do bist net sa fan de sjaals toch?**

In sjaal is machtich! Oan de muorre of by in oar om 'e nekke!

Fynsto ek dat it keatsen feroare wurde moat om mear minsken te lûken?

It spul an sich is sa toch prachtich moai? Ik tink dat der yn de top minder keatst wurde moat om mear minsken te lûken. Dus allinnich op sneins keatse dan kin der sneons moai fuotballe wurde. En wat my oangiet mei der ek wol in maksimale tiid foar it opslaan komme. Elk jier liket de PC noch wer langer te duorjen om't in oantal opslachters san lang ritueel ha, jekte krij ik der fan.

“Dus allinnich op sneins keatse dan kin der sneons moai fuotballe wurde”

Soe it foar it fuotbal ek wat wêze om dingen te feroarjen? It docht no út ûndersyk bliken dat de ballen by de pupillen te hurd binne en dat dit hersenletsels feroarsaakt. Oars mar mei in sêfte bal?

Ik soe sa net witte wat as der feroare wurde moatte soe. As dy ballen te hurd binne, dan litte je der toch wat lucht út ûntsnappe. Net yngewikkeld oer dwaan!

SDS 1 is goed begûn oan dit seizoen, mar liket de lêste wiken wat fan slach, hoe kin dit en wat bin dyn ferwachtings foar de kommende tiid?

De nije trainer, Frans Munsterman, is dwaande mei in proses sa 't hy sels seit. Nei de winterstop sille wy ris sjen wat dat opsmyt. Ik nim dochs oan dat de seleksje dan wolris kompleet is. No mist der hast elts wykein wol ien troch fakansje, in kursus, in fakansjekursus of in kursus fakansje.....

Mar rap sneon 21 febrewaris yn de agenda sette tocht ik sa! Nijlân 1 – SDS 1! Nijlân wûn begjin oktober foar it earst yn de skiednis yn Easterein fan SDS. Dat sil yn Nijlân rjocht setten wurde fansels. Moatte wy der mar efkes op it fytске hinne tocht ik sa. Dan kinne wy nei de tiid moai efkes in fleske keapje yn de Mande. Dan nim ik de hite nûtsjes wol mei.

SDS ledengearkomst!

Op woansdei 5 novimber is der wer ús jierlijkse ledengearkomst!!!

Let op!!! dit begjint net sa as oars om 20.00 mar om 19:00 oere!!!

Dit yn ferbân mei de wedstriid **Ajax – Barcelona**.

Nei de gearkomst sille we it grutte skerm oandwaan en kinne we hjir meiinoar nei sjen!

We hoopje dat jimme allegearre komme!!!

It Bestjoer.

Noppen & Naaldhakken

oer froulju, fuotbal en oare wichtige saken

Op tongersdeimiddei traine de famkes fan MD1 op it fjildsje foar de boksen. Ik kom oanrinnen wylst se dwaande binne mei in partijtsje fan 6 tsjin 6. it is fansels fekansje, dus in oantal famkes binne der net. Op goal steane ek twa mei lang hier... mar dat binne de ienige mannen op it fjild. Heit Hans en soan Luuk stjoere de famkes oan. Eltsenien hat in moai shirtsje oan fan Univé mei harren eigen namme derop. Dat is fêst makliker foar de trainers...

Ik gie yn petear mei Hans v/d Schaar en syn 22 famkes.



Mei wat mear as de helte fan de famkes wurdt der hjoed traint, hoe kinne jim mei de komplette ploech sa makkelijk mooglik traine?

Op tiisdeis wurde de famkes traint troch Gert Jan Hiemstra en op tongersdeis troch Luuk en Hans. Derneist binne Ilse en Janieke, fan VR1, ek geregeld oanwêzich om te helpen. Sa kinne je moai ferdield traine. Ien groepke traint dan op balkontrôle, de oaren op traptechnyk en noch in oar part fan 'e groep leart mear oer it spultsje. Sa probearje wy safolle mooglik út de trainingen te heljen.

En hoe giet dat mei wedstriden? Geane dan alle 22 famkes mei?

Nee, joue de famkes sels oan, der geane 15 famkes elke sneon mei. Mar de rest komt dan wol te sjen hjer! Hans leit út dat se in sa earlik mooglik rouleersysteem hawwe. Sa fuotbalje de famkes dy't langer fuotbalje hast elke wedstriid, sy bliuwe 2 sneonen thús. De rest fan de famkes dy 't wat koarter fuotballet ruilje wat faker troch. Der binne 7 famkes dy 't by de jonges weikomme en dan is der noch Fenna, ús natuerlant. Sy fuotballet noch mar koart, mar hat it spultsje al goed ûnder de knibbel. Derneist ruilje ek de oanfierders fan MD1. Marrit en Femke binne de fêste oanfierders en sy binne dat om de beurt yn 'e wedstriid. Sy regelje de warming-up foar de wedstriid sadat lieder Hans de tsjinstander alfêst observearje kin.

Ik seach dat jim mar in lytse kompetysje hienen en hoe giet it dêrmei?

Ja, frij lyts. Wy binne mar mei 5 teams yn 'e kompetysje. Dus wy moatte foar de winterstop út en thús spylje tsjin elk team. We steane no 2e, we ha noch mar 1 kear ferlen. Derneist binne wy ek troch yn de beker. Dizze sneon spylje wy tsjin de Flevo Boys. Dus as we dy winne, kinne we ek wer wat faker fuotbalje.

Foar Hans is dit it earste jier dat hy famkes traint. Is der in grut ferskil mei de jonges?

Ja hiel grut, ik ha altyd mei jonges traint, mar no 't myn dochter Jikke by dizze ploech kaam, like it my ek wol leuk om de famkes te trainen. Ik moat sizze dat ik it tige nei it sin ha mei dizze froulju! In grut ferskil kaam nei foaren op in sneon, doe 't we gjin wedstriid hienen en trainten op it fjild efter de sporthal. Ik wie dwaande mei myn útlis oer bûtenpul en wylst rint Anna, de âldste fan it team, nei Marije ta en seit 'Hé do hast nije earbellen, leuk sis!'. Doe stie ik wol efkes mei myn eagen te knipperjen! Mar soks heart derby en dat makket it team ek wol tige gesellich. De ferskillen tusken de famkes binne grut, mar dêr wurdt gjin ien op ôfrekkene. Se binne echt in team. En ik bin tige wiis mei se! Dat hie ik net ferwachte.

It entûsiasme is tige grut by de famkes, dat is te sjen! Ynkoarten hawwe se ek in freondinnetraining, eltsenien mei dan in freondin meinimme dy 't ek leuk fynt om ris mei te dwaan. MD1 hoopje dat der mear famkes by komme, sadat der nei de winterstop in twadde team by komme kin. Liket dy dat ek leuk? Kom dan gau ris mei dwaan mei dit gesellige team! Sy traine op tiisdeis fan 17.30 oant 18.30 oere en op tongersdeis fan 17.00 oant 18.00 oere. En oer 2 jier hoopje dizze famkes better te wêzen as alle jongestteams fan SDS! Dat liket my it goed foarnimmen, gean sa troch famkes fan MD1!

(TB)

Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan: Minke Postma	
Namme	Minke Postma
Berne	20 maart 2006
Yn Wommels, Easterein as....	Wommels
Skoalle	It Fûnemint
By SDS sûnt	2012
Team	SDS E5
Gjin fuotbal, dan...	Boartsje mei myn freondinnen
Favorite klup Nederlân	Ajax
Favorite klup bûtenlân	Bayern Munchen
Beste trainer	Theo (myn heit)
Beste fuotballer yn Nederlân	Lasse Schöne
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Daley Blind
Favorite fuotballer by SDS	Matthijs en Tjitse
Favorite posysje	Mid-mid
Sterkste punt	Trochsette

Swakste punt	Hiel hurd drave
Moaiste stadion	Amsterdam Arena
Idoal	Daley Blind
Hichtepunt	7-0 winne fan Skearnegoutum
Djiptepunt	Hiel dik ferlieze
Moaiste goal	Van der Streek (Cambuur-Dordrecht)
Skoudertriuw as tackel?	Skoudertriuw
Boas om	Gemiene oertredings
Flint ers yn de búk fan	In wedstriid fan Ajax sjen yn de Arena
Tillevysje	Voetbal Fox Sports
Muzyk	Marco Borsato
Lekkerste iten	Ierappels, woartels en boomstammetje
Minst lekkere iten	Giele riis
Drinken	Tintelfris
Nintendo DS, Wii, Playstation 3, X-BOX of bûten boartsje	Bûten boartsje
Favorite game of spultsje	FIFA
As ik skoar dan fier ik dat sa....	JUICHEN !!!!
Cambuur of SC Heerenveen?	Allebeide
Moaiste sjurt	Ajax
Lelijkste sjurt	Twente
Fuotbalskuon	Adidas
Rjochts of lofts?	Rjochts
At ik letter grut bin dan....	Wit ik noch net
Wolst fierders noch wat kwyt?	Nee

SDS League

Opfallend yn dizze edysje fan de SDS League is dat de striker fan SDS, Dooitze Nauta, it sa goed docht. Hy pakt yn wike 3 de wykpriis en stiet ek noch op it 3e plak. Wy sille ris efkes by him heare:



Sjochsto sels op fan de prestaasjes fan dyn team?

No, nee hear, mei it WK koe ik ek al aardig meikomme tocht ik sels.

Hast no ek mear tiid naam om dyn team gear te stallen no asto mear tiid hast troch dasto yn de VUT sitst?

Of hast hulp hân?

No, om earlyk te wêzen, ik ha der net nei sjoen. Ik wit eins ek net iens hoe at de spulrigels binne. Dizze kear ha ik Anne Brouwer ynhierd om my foar te sizzen wa 't ik opstelle moast. Hy ropt altyd dat hy een protte ferstân fan it spultsje hat. Oant no ta jildt dat wol foar myn utslaggen yn de League (bedankt Anne!).

René Zijlstra holp dy jierren mei it gearstallen fan dyn team, mar dit smiet nea folle op. Hast him dien jûn?

René hat my altyd goed holpen, tegearre mei ús maat Dick.

René hat sels oanjûn der gjin tiid yn stekke te wollen, hy docht op dit stuit ek net mei oan de League. Wol spitich ja, want René kin it nog fier skoppe yn syn SDS-karriêre. Sawol as assistent-skeids (flagger), as dielnimmer oan de SDS League.

Soesto it no wol oprêde om boppe beide wepmasters te eindigjen?

Der hoesto echt net oer yn te sitten en Aant al hielendal net. Fansels eindigt Skobberdebonk heger as de webmasters.

Wa wolsto yn elts gefal ûnder dy hâlde yn dizze SDS League?

It maximale der úthelje, dus boppeoan eindigje.

Wat silst keapje foar it jild fan de wykpriis? Dochs gjin nuddels(foar dry-needling) of teep wol?

Miskien dat ik de SDS 1 seleksje een Spa read fuortjou op in sneon dat ik werris op de fyts kom. Dan drinke René, Anne en ik wat oars.

Noch mar in hiel soad súkses tawinske!

Dankewol, en oant de folgjende oerwinning dan mar. (WW)



"En wy mar tinke dat Anne blesseard wie."

SDS-Look-a-likes(8)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútser, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl!

Tjerk van der Pol as Mr. Proper:



Elger Turksma as 007:



Jan-Friso Bruinsma as Oscar(Chelsea):



Bestemd voor alle SDS leden

Vanaf heden zullen mijn taken als verzorger van SDS worden opgesplitst in:

1. **Blessurebehandelingen voor alle leden van SDS**
2. **Verzorgingsactiviteiten SDS 1 en SDS 2.**

In overleg met het bestuur van SDS wil ik mijn taken als verzorger beter afbakenen. Hierdoor wordt het vanaf heden voor iedereen duidelijk wanneer en waarvoor leden van SDS bij mij terecht kunnen.

De verzorgingstaken van mij als “SDS Stryker” zijn beperkt tot SDS 1 en 2. Soms, vooral de laatste jaren komt daar ook steeds meer blessurebehandeling bij. Niet voor iedereen is dan duidelijk wat wel en niet mogelijk is, en vooral voor welke spelers. Daar komt vanaf nu verandering in.

Ik ga “verenigingsbreed”, dus voor **alle SDS leden**, nu ook blessurebehandelingen aanbieden. Ik doe dit in nauw overleg met **Topfysio Wommels, Sneek en Leeuwarden**.

In de loop van de laatste jaren heb ik mij omgeschoold tot Triggerpoint/Neuromusculair Therapeut, en ben daarbij aangesloten bij het NMTN. (www.nmtn.nl)

Aansluiting bij de NMTN betekent dat de Therapeut erkend wordt door vrijwel alle zorgverzekeraars. Dat betekent dan weer dat de blessurebehandelingen die ik geef, worden vergoed uit de **aanvullende verzekering**.

Voortaan is het dus mogelijk voor alle leden van SDS om zich door mij te laten behandelen. Er wordt daarbij wel onderscheid gemaakt tussen verzorgingstaken van SDS 1 en 2 en blessures. De verzorgingstaken van SDS 1 en 2 geef ik op donderdag van 19:45 tot na de training, en verder uiteraard ook op de wedstrijddagen van SDS1

Buiten deze tijden is het voortaan mogelijk voor alle leden om bij mij een afspraak te maken voor een blessurebehandeling. Dit kan op zaterdagmorgen, op donderdagnamiddag tot 19:30 uur en op maandag/dinsdag namiddag/avond. Door het scheiden van taken, kan ik ook meer aandacht schenken aan beide doelgroepen, SDS 1 en 2 selectie krijgen meer aandacht voor hun sportmassages, EHBSO en het tappen.

De laatste jaren ben ik al overgegaan tot het behandelen van geblesseerde spelers, maar feitelijk is dat geen taak van een verzorger. Ik kan nu voor geblesseerde spelers ook meer tijd inplannen.

De blessurebehandeling doe ik in nauw overleg met **Topfysio**. Kan daarbij eenvoudig doorverwijzen naar een fysiotherapeut. Voor complexere blessures is een fysiotherapeut beter toegerust.

Ik ben opgeleid om met functietesten te zien in welk stadium een blessure zich bevindt. Ik ben verder in staat om dan een **Triggerpointtherapie** of een **Dryneedling** behandeling toe te passen.

Vraagt de blessure, oefeningen en training, en ook bij gewrichtsblessures en meer de complexere blessures, dan moet een fysiotherapeut ingeschakeld worden.

Ik heb korte lijnen met **Topfysio**, en kan vrijwel direct een afspraak inplannen. Indien mogelijk al de volgende werkdag.

Jullie kunnen bij mij terecht voor Sportmassages, Medical Taping, Triggerpoint Therapie, en Dryneedling. Ook voor overleg en advies kunnen jullie mij altijd even aanspreken, of bellen.

Dooitze Nauta

Blessurebehandeling



Tibialis

Juckemaane 12 - 9051 MT Stiens
06 371 680 71
info@tibialis.nl
www.tibialis.nl

Technisch Installatiebedrijf FA. D. VAN WIEREN

Het adres voor aanleg

en onderhoud van:

Dakbedekkingen - Zinkwerk

Gas - Water

CV - Sanitair



Terp 29, 8731 AX Wommels
H. Baarda, Lollum, Tel. (0517) 469157

*VOOR AL UW SCHOONMAAK
WERKZAAMHEDEN, zoals:*

- GLAZENWASSEN
- SCHOORSTEENVEGEN
- GOTEN LEEGHALEN en SCHOONMAKEN
- ONDERHOUD en SCHOONMAKEN van GEBOUWEN en NIEUWBOUW



M. Sijszeling's
Schoonmaakbedrijf
v.o.f.

Oosterend - Wynserdyk 39

Telefoon 0515 332279

SDS-Klean



Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside **www.vv-sds.nl** en druk op:



Dit is der allegear te krijen:

SDS-Tas: €33,-

SDS-Rugzak: €31,-

SDS-Trainingspak: €42,-

SDS-trainingsbroek: €25,-

SDS-Trainingsbroek kort: €18,50

SDS-Sweater: €25,-

SDS-Midjack: €47,50

SDS-Trainingsshirt dry-fit: €21,50

SDS-Polo: €21,-

